



Amazing



Omrop Fryslân



Verbazingwekkend



Unglaublich



Fantastisk



Koe minder

MEIDIELINGEN BLEED FAN IT

FRYSK SELSKIP SWOL

Oprjochte 8 febrewaris 1899

Jiergong 47 nûmer 5

gersmoanne 2019

SIMMER

Mei dit 5^e en lêste krantsje fan it winterskoft 2018-2019 is der echt in ein kommen oan it jubileumjier ta gelegenheid fan it 120-jierrich bestean fan it Frysk Selskip Swol. Mei de jûn mei Bennie Huisman syn lange reis nei Berlyn hawwe wy dit jubileumjier ôfsletten. Wat wie't moai dat jimme alle kearen sa man- en froumachtich nei 'Urbana' kamen. It liket soms wol, as binne we hast famylje fan elkoar. Dat is ek net sa frjemd. As't selskip lytser wurdt, sjogge deselde minsken elkoar faker en prate se ek faker en mear mei-elkoar. Dat foel my it ôfrûne winterskoft ek wer op, as ik ris temûk om my hinne seach.

Mei de tsjerketsjinst op 14 april en de ledegearkomste op 1 maaie begjint foar ús selskip it winterskoft 2019-2020. Mar ear't we op 12 oktober 2019 de earste jûn fan dat winterskoft hawwe, krije we earst de simmer. Wa't oer de sinne en de waarmte kin, hopet op in simmer as ferline jier. Al wie it doe oan 'e ein fan 'e simmer wol ôfgrylike droech. Oaren sille de hannen ticht knipe as der no ris gjin waarmterekords brutsen wurde. En wa't fan 'e natoer libje en ite moat, wol út en troch wol in myld buike. Lokkich ha't nimmen ynfloed op it waar. Litte we it dêrom mar nimme sa't it falt.

Kloften minsken geane der fan't simmer wer op út. Nei in moaie lokaasje yn ús eigen lân of nei in eksoatysk oard earne fier fan hûs. Guon geane mei de kamper, karavan of tinte op in paad en oaren farre mei de boat oer Fryske of Hollânske wetters. Se dogge dat op eigen manneboet of yn organisearre ferbân. Alles is mooglik. Noflik thús bliuwe ek. Want net elk is bysteat om der op út te gean. Of men hat der gjin nocht (mear) oan of gjin ferlet fan.

Mar wat jimme dizze simmer ek dogge en wêr't jimme ek hinne gean, ien ding is wis



Ik winskje jimme alfêst in hiel moaie simmer.

Jan Bosgraaf
(foarsitter)

KONTAKTPERSOANEN FAN IT FRYSK SELSKIP SWOL

Dalfsen	frou F. Smits	Vechtoever 11	0529 432436
Elburg	hear S.J. van der Graaf	Paardebloem 3	0525 681135
Hatterm	frou W. Steenbeek - Boschma	Hendrikjesweg 46	038 4442894
Kampen	frou B. Streekstra	Jan van Arkelstraat 12	038 3313002
Vroomshoop	hear J. Postma	Stationslaan 1	0546 642852
Wezep	hear K. IJtsma	Scheerderslaan 8	038 3769007
Wijhe	hear F. Kunst	Stationsweg 28	0570 521931
Zwolle	Inge Bosch – v.d. Ploeg	Flora Bilderbeekstraat 42	038 4655073
Aalanden	frou C. Penning	Potmarge 27	038 4541272
Assendorp	frou A. Groenland	Ranonkelstraat 8	038 4220741
Berkum	hear J. Visser	Eikenlaan 12	038 4548808
Binnenstêd, Dieze en Veerallee	fam L. Nieuwenhuis	Schuttevaerkade 103	038 4537836
Holtenbroek	frou H. Osinga	Reggelaan 55	038 4549429
Stadshagen	frou T. Mulder – van der Heide	Fonteinkruid 2	038 3765384
Westenholte en Spoolde	frou A. Wieling - Joukema	Voorsterweg 42 – 301	038 4218525
Wipstrik	frou W. de Vries – Boersma	Carry van Bruggenstraat 25	038 4543033
Zwolle – Súd	hear J.H. Zijlstra	Dreessingel 88	038 4542562

DE LANGE REIS NEI BERLYN

Sneon 30 maart 2019
 Grandcafé-Restaurant Urbana Swol
 'De lange reis nei Berlyn'
 Bennie Huisman
 95 minsken

Bennie Huisman syn ferhaal oer 'De lange reis nei Berlyn' begjint by syn oerpake en –beppe en fia syn pake en beppe en syn âlden rekket er oer syn eigen libben oant fertellen. Dat libben begûn yn It Hearrenfean, yn it hûs dêr't er no wennet. It ferhaal giet oer syn bernejierren, oer syn leafde foar it wetter en foar de muzyk, dy't er fan hûs út meikrige. Hy fertelt oer syn plan om op 'e fyts nei Rome te reizgjen. It plan dat er by eintsje beslút net uitfierd hat. Dêr hat er doe (yn 2002) mar in teaterfoarstelling oer skreaun; 'De Loffytser', dat er ek by ús yn 'Odeon' op 'e planken brocht hat.



It earste liet út dy foarstelling is ek it earste liet yn dizze nijste foarstelling. In foarstelling dy't ôfwikseljend bestiet út ferhalen en lieten. En dat Bennie in echte ferhaleferteller is, die wol bliken. It iene ferhaal nei it oare waard oer de taharkers útstruid. Allyksa gie it mei de lieten. Hast alle gearre lieten dy't er sels skreaun en op muzyk setten hat. Mar ek in liet fan bygelyks Jean-Louis Pisuise (1880-1927) dy't syn lieten ek yn ferskillende talen

song. Ien fan de bekendste lieten fan Pisuise 'M'n eerste' (Het meisje van de zamgvereniging) hat Bennie yn't Frysk oerset en yn dizze foarstelling opnommen. In oare 'evergreen' is 'De herder' (Op de grote stille heide, dwaalt de herder eenzaam rond.) fan Pieter Louwerse (1840-1908). Bennie waard ta de Fryske oersetting fan dit liet ynspirearre doe't er op syn fytstocht nei Berlyn mei striemin waar oer de Lüneburger Heide fytste. It liet is by't publyk sa bekend, dat se it, sûnder de Fryske wurden te kennen samar meisjonge wolle. Wat fansels net alhiel de bedoeling is. Mar it refrein meisjonge slagge tige bêst. *"t Is afzien en lijden, op de Lünenburger Heide, de hei-ei-de."*

Ien fan Bennie's eigen bekende(re) lieten is it 'Simmerfamke fan Sânfurd', it moaie lytse doarp oan 'e iggen fan de Aldgeasterbrekken, de Flakke Brekken en it Ringwiel mei it Hop.

(ferfolch op side 3)

KRITEJUNEN YN NOARD-EAST NEDERLAN

WINTERSKOFT 2019 – 2020			
Wannear	Krite	Wat	Wêr
14 apr 2019	Swol	Fryske tsjerketsjinst mei ds. Jelle Nutma út Gorinchem	Protestanske tsjerke Windesheim
26 apr 2019	Súdeast Drinte	Kritereiske 25 jierrich bestean	Boattocht troch Fryslân
28 apr 2019	Assen	Fryske tsjerketsjinst	Minniste tsjerke Assen
1 maaie 2019 19.30 oere !	Swol	Ledegearkomste mei it Frysk Sjongkoar Swol en Huite Zonderland oer 'Epke, de wei fan in Olympysk kampioen'	Parkzicht Zwolle
?? sep 2019	Swol	Utsje nei Fryslân	??
12 okt 2019	Swol	Selskip Blikstiender mei 'Fryslân Heite!'	De Weijenbelt Zwolle (Berkum)
20 des 2019	Swol	Krystmiel	Urbana Zwolle
?? jan 2020	Swol	Middeisprogramma	Noch net bekend
29 feb 2020	Swol	'De man fan dyn libben' mei Jan Arendz, Marijke Geertsma en Anke Bijlsma	Het Anker Zwolle (Westholte)



Earst op woansdei 1 maaie 2019 om healwei achten (19.30 oere) by de ledegearkomste yn Parkzicht, Jacob van Neckstraat 146A, Zwolle.

FOLKSHEGESKOALLE SCHYLGERALAN

Deunby it Noardseeestrân en Wrâlderfgoed it Waadseegebiet leit de Folkshegeskoalle op in sintraal plak op Skylge, yn de Hoarnske bosk. De akkommodaasje is boud op de fûneminten fan de Atlantic Wall. De bunkers út de Twadde Wrâldoarloch hawwe no in funksje as sliepseal of ytseal. Goed tritich jier lyn is 'de Brêge' (foto) der by boud.

Fan âlds is de Folkshegeskoalle in sintrum fan moetsjen, besinnen en kultuer. Neist in edukatyf programma, biedt de Folkshegeskoalle in perfekte akkommodaasje foar in skoalreisje, famylje- of bedriuwstapke of gewoan in noflike fakânsje. Yn 2019 is der wer in grut ferskaat oan alderhande kursussen: skilderjen, byldhouwe, mandela tekenje, dûnsje, sjonge, skriuwe, Fryske taal, besinning lykas yoga, meditaasje, mindfulness en Zen, natoertochten, ensafuorhinne.

Wa't mear witte wol oer alles wat er op 'e Folkshegeskoalle Schylgeralân te rêden is, kin terjochte op webside www.folkshegeskoalle.fr

FREONEN FAN OMROP Fryslân

De Feriening Freonen fan Omrop Fryslân (FOF), is de stipersferiening fan de Omrop. It doel fan de feriening is it stribjen nei in goede publike Fryske Omrop foar radio en televyzje. De FOF soarget foar ynformaasje oer Omrop Fryslân en stipet Omrop Fryslân by syn doelstellingen en aktiviteiten. De FOF hâldt kontakt mei har leden fia it ledeblêd *Each en Ear*, dat trije kear yn it jier útkomt. Yn 'e rin fan it jier binne der ferskate aktiviteiten en eveneminten dêr't leden oan meidwaan kinne. Sjoch op 'e webside www.omropfryslan.nl/freonen of wurdt 'facebookfreon'.

**Wolle jo ek FREON wurde fan Omrop Fryslân?**

Belje nei 06-43903180. Of stjoer in e-mail nei freonen@omropfryslan.nl
Oanmelde kin ek fia it formulier op de webside fan de FOF:

www.omropfryslan.nl/freonen

De ledebydrage is op syn minst € 9.-- yn't jier.

(ferfolch fan side 2)

It liet besjongt de langstme, yn 'e fjouwer seizoenen, nei it 'Simmerfamke fan Sânfurd'. Bennie song it foar't earst op 15 juny 1997 yn it smûke tsjerkje fan Sânfurd. Foar dizze foarstelling hat Bennie der in Frysk-Nederlânsk-Dútske tekst foar skreaun. Hy fertelde, dat hy altyd al wat mei de Dútske taal hân hat. Dat kaam troch de muzyk. Ear't er grammofoanplaten wiene, waarden waakrôlen brûkt as lûdsdrager en waard muzyk ferspraat troch blêdmuzyk. Dat waard ferkocht, oerskreaun en wer trochferkocht. Mar doe't yn 1887 Emile Berliner de grammofoanplaat útfûn, gie 't mei 't fersprieden fan muzyk en lieten folle flugger. Bennie syn beppe hie op in stuit in grammofoanplaat fan Dútske tenoaren, û.o. Rudolf Schock en Jozef Schmidt. De lieten en de muzyk sprieken him och sa oan. Hy fûn it prachtich. En it makke him nijsgjirrich nei de Dútske muzykskiednis en de Dútske taal. Folle letter hat er him dy taal ek mear eigen makke. Hy folge in taalkursus yn Berlyn. De stêd dêr't er wol faker west wie en no noch geregeldwei komt. Hy kaam er bygelyks al yn 'e tiid, doe't 'de muorre' (1961-1989) der noch stie. Mei de sjonggroep Liereliet, oprjochte yn 1979 ta gelegenheid fan in shantifestival foarôfgeand oan 'e saneamde strontrace yn Warkum, stiene se yn it holst fan 'e nacht by it ferneamde Checkpoint Charlie om fan West- nei East-Berlyn te kommen. It hie in spannend ferhaal út in jongesboek wêze kinnen. En sa fertelde Bennie it ek. Jierren en jierren letter, doe't de muorre al 'fallen' wie, hat er de 160 kilometer lange Mauerradweg fytst. Dat ynspirearre him ta it skriuwen fan it 'Lied van de muur', dêr't er yn konstatearret dat *'De wond is nog altijd niet geheeld.'*



len fan 'e 'muorre' monuminten

Op syn reis troch de Dútske muzyk kaam er ek de Dútske komponist en dirigint Werner Richard Weymann tsjin. Ien fan syn bekendste lieten, dat suver by tafal ûnstie, is *'Das kommt nur einmal, das kommt nicht wieder. Das ist zu schön, um wahr zu sein.'* It waard wrâldferneamd yn 'e útfiering fan de 'Comedian Harmonists' Dat jildt ek foar it liet *'Irgendwo auf der Welt, gibt's ein kleines bisschen Glück. Irgendwo, irgendwie, irgendwann.'*

Mei dat dreambyld yn gedachten, giene de minsken nei in jûn fol mei moaie ferhalen en lieten, op hûs oan.



Sneon 30 maart 2019 hâlde it Frysk Boun om Utens har jierlikse Algemiene Gearkomste (AG) yn 'Urbana' te Swol. Doe't it Boun yn 1923 oprjochte waard, wiene der 43 Fryske krite bûten Fryslân bekend. No binne der bûten Fryslân noch 16 krite en ien stúdzjerûnte. Fan dy 17 binne 15 oansluten by it Frysk Boun om Utens.

As gastkrite ûntfongen wy de 60 Friezen om utens mei kofje/tee en oranjekoeke. Dat foel der fansels wol yn. Om healwei twaën hjitte Jan Bosgraaf (foarsitter fan it Frysk Selskip Swol) de oanwêzigen wolkom ; it bounsbestjoer en bestjoersleden en leden fan de by it Boun oansletten krite. Dêrnei iepene de foarsitter fan it Boun, Jan Bijkerk, de gearkomste. Sintraal yn Jan syn iepeningswurd stie de takomst fan it Boun, fan de Fryske krite om utens en fan de Fryske taal. Nei it sjongen fan it Frysk folksliet ('De âlde Friezen') begûn de gearkomste oan it ôfhanneljen fan 'e wurklist.



It bestjoer fan it Frysk Boun om Utens

'e webside fan it Boun www.fryskbutenfryslan.nl

It ferslach en de foto's fan de gearkomste stean no of meikoarten ek wol op 'e webside fan it Frysk Boun om Utens.

Nei ôfrin fan 'e gearkomste fertelde Jan Bosgraaf oer it wurk fan en syn ûnderfiningen as BABS; Bûtengewoan Amtner fan de Boargerlike Stân. Oer de 25 jier dat er babs west hat (13 jier yn de gemeente Zwolle en 12 jier yn de gemeente Staphorst) hat er in lytse 1.000 houliken sletten, dêr't hiel wat oer te fertellen is.

Jan Bijkerk betanket Jan foar syn ferhaal en it bestjoer fan it Frysk Selskip Swol foar de gastfrijens en de goede gearwurking.

(JB)

FRIEZEN BINNE IT MEAST GRUTSK OP HARREN PROVINSJE

Friezen fiele harren it meast ferbûn mei harren provinsje fan alle Nederlanners. Ek binne se fan alle Nederlanners it meast grutsk op harren eigen provinsje. Dat docht bliken út in enkête, útfierd troch I&O Research yn opdracht fan de NOS en de regionale omroppen, nei oanlieding fan de Provinsjale Steateferkiezings. As Friezen frege wurdt wêr't sy harren it meast mei ferbûn fiele, dan seit de mearderheid op it earste plak Fryslân.

Peter Kanne, meiwurker fan I&O Research, leit út: 'Andere provincies, zoals Noord-Holland, Zuid-Holland en Overijssel, laten een heel ander beeld zien. In Overijssel bestaat het provinciegevoel bijna niet. Daar ben je Tukker of Sallander, maar niet Overijssenaar.'

Mear as de helte fan de Nederlanners fielt him op it earste plak ferbûn mei Nederlân. Yn Fryslân is it provinsjegefoel it sterkst fan alle provinsjes. Taal spilet derby in wichtige rol, lykas yn Seelân en Limboarch. Kanne: 'Je ziet dat taal duidelijk een bindmiddel is in die regio's.'

PRAAT MAR FRYSK 

YNLAGE 2019-2020

Foar dit winterskoff hiene we rekken hâlden mei in tekoart fan € 2.775.--. Op it stuit dat ik dit krantsje skriuw, is it einresultaat noch net bekend. De jûn fan 30 maart hat krekt west en de ynkomsten en útjeften dêrfan moatte noch ferwurke wurde. Mar sa't no liket, sil it tekoart leger útfalle as begrutte is. Dat betsjut dat der oan 'e ein fan dit winterskoff noch in aardige sint op 'e sparrekken stiet. Dêr kinne we noch wol in jiermannich wat fan brûke. Want dat jild is fan ús leden en dat hoege we net te bewarjen oant de lêste leden beslute mei't selskip op te hâlden. Dêr meie de leden dy't der no binne jierliks wol wat fan werom sjen. Dêrom docht it bestjoer it foarstel om de ynlage foar 2019/2020 **net** te ferheegjen. Dan hawwe ús leden der allegearre wat oan.

(JB)

(ferfolch fan side 11)

Op 'e taffeltjes in donkerread plusen kleedsje mei dêrop in lege griene Sonnema-Berenburgflesse as stander foar in reade kears. It rint ommers tsjin 'e krystdagen. Oan 'e wanden hinget it rek mei de biljertstokken en in mânske kast grôtfol mei kampioensbekers, lauwerkrânsen, medaljes, ensafuorhinne. Prizen dy't wûn binne mei û.o. reedriden, keatsen en fierljeppen. Njonken en op 'e kast stean hast likefolle prizen. Kenlik wie der net op sa folle rom fan 'e ynwenners rekkene. Fierders hingje der in grut tal nostalgyske platen fan kofje-, tee en (fris)drankmerken, út Amerika oerwaaide wandbuorden fan û.o. California en de Pacific Ocean Railway 1850 en in tal dartbuorden. Efter de taap in taapkast sa't men dy allinne yn films út of oer in fier ferline sjocht. En in grut ferskaat oan buordsjes en plaatsjes mei alderhande siswizen en wiisheden. Allinne om dy te lêzen, soe men al oan 'e taap stean bliuwe.

It pinapparaat op 'e taap foarmet de iennige dissonant yn dizze nostalgyske omjouwing. Yn de gong, dy't de namme 'Trochreed' draacht, binne de húskes. Op 'e doarren gjin designmanstje en –wyfke, mar yn kreaze sierletters 'Manlju' en 'Froulju'. It sanitêr is lykwols mei de tiid mei gien. In útsliten smelle houten trep liedt de besiker nei de boppeseal. De entoeraazje is folslein yn 'e selde styl as de taapkeamer.

Wa't efkes ta rêst komme wol, fynt dat yn sa'n doarpskafee. Dan hâldt de tiid efkes skoft.

(JB)



Sjoch ris yn laatsjes en tromkes oft der earne noch in steapeltsje 'DE-punten' leit. Nim se op in jûn mei en jou se oan Annet Nieuwenhuis of Tjitske Mulder. Of triuw se by ien fan harren yn 'e brievebus. Dan wikselje sy de punten yn foar moaie prizen foar de ferlotting.

Yn't foar tige tank.

It Heitelân

*Dêr't de dyk it lân omklammet,
Lyk in memme-earm har bern,
Dêr't de wylde see jamk flammet,
Op in hap út Friso's hern,
Dêr't de Stiennen Man syn eagen,
Stoarje lit oer fjild en strân,
Dêr't men eanget fan gjin weagen,
Dêr is't levae Heitelân (twaris)*



MEIE JO EK SA GRAACH SJONGE?

Kom dan ris nei in repetysje fan it



Dit mingd koar is folslein selsstannich. Leden hoege gjin lid te wêzen fan it Frysk Selskip Swol. Se hoege de Fryske taal net iens machtich te wêzen! As se mar yn 't Frysk sjonge! Elts dy't fan sjongen hâld is fan herte wolkom by dit moaie koar.



Freedtemoarns om 10 oere repeteart it koar yn it Moetingssintrum 'Het Anker', Voorsterweg 36, 8042 AD Zwolle (Westenholte).

Het Anker is hiel maklik berikber en der is parkearromte by de rûs. Sjoch ris goed om jim hinne minsken en trúnje goekunde of buorlju oan om ris nei sa'n repetysje ta te gean. It koar wol hiel graach mear leden hawwe.

Wa't mear witte wol oer it koar kin terjochte by:

Douwe Boersma	foarsitter	0523 – 656802
Wil van der Leij	skriuwer	038 – 4538808
Jolanda Lootens	ponghâlder	038 – 4200066
Jelma Wiegersma	diriginte	038 – 3311670

Daliks as lid opjaan by ien fan harren kin fansels ek !!!

IT IENE JIER SEIT IT OARE NET

It iene jier moatte alle prikken yn't wurk setten wurde om de jûnen fan ús selskip ynfold te krijen. Dan fine we in programma net goed of moai genôch foar ús leden. Want, earlik is earlik, as bestjoer binne wy kritysk en wolle ús leden graach wat goeds en wat moais biede. Al kinne we it noait elkenien nei't sin meitsje. Safolle leden, safolle smaken. En smake ferskille. En dan sjogge we in moaie foarstelling, mar slagget it net om in seal te krijen op in jûn dat it selskip kin. Of oarsom, it selskip kin net op in jûn as wy in seal hawwe. Want beide moatte faak al fier fan te foaren fêstlein wurde. Hawar, oant no slagge it altyd, as wie't wol ris in knikkert op 'e kant,

Foar it winterskoft 2019-2020 sjocht it der lykwols goed út. Alles is noch net yn kalk en semint, mar it liket der al aardich op.

Der wurdt wurke oan it útsje nei Fryslân, ein septimber 2019.

Us earste jûn is op sneon 12 oktober 2018 yn 'De Weijenbelt' yn Zwolle – Berkum. Dan komt it selskip 'Blikstiender' mei it programma 'Fryslân Heite'. In griemank fan lieten en sketsen oer Fryslân fan 'e tiid fan de terpebouwers, fia Bonifacius en Grutte Pier oant hjoed.

De twadde jûn – freed 20 desimber 2019 - is wer ornearre foar it krystmied mei muzikale omlisting. Dat wurdt wer hâlden yn 'Urbana'. Oer de muzikale omlisting hawwe we oerlis.

De tredde 'jûn' – ein jannewaris 2020 – sil in middei wêze. Dat is foar ús fansels wat nijs. We hawwe ús leden al ris hifke, hoe't se oer in 'middei' tinke, mar dêr kaam mar ien reaksje op. Dat is fansels net represintatyf. Dochs wolle wy, as bestjoer, dit ris besykje. Ris sjen hoefolle flecht der op 'e koai is. De earste kear sil it net al te 'gruts' fan opset wêze.

Dat is wol it gefal mei de fjirde en lêste jûn op sneon 29 febrewaris 2020 yn 'Het Anker' te Zwolle – Westenholte. Dan komme Jan Arendz, Marijke Geertsma en Anke Bijlsma mei de foarstelling 'De man fan dyn libben', basearre op it boek mei dy titel fan Arthur Japin. Trije Fryske aktearkanonnen dy't faker by ús west hawwe. Jan en Marijke mei 'Bokwert Kulturele hoofdplaats 2018' en Anke (tegearre mei Gerrit Haaksma) yn de kroechteatersikken 'Krimp' en 'Kredyt' fan Gerrit Breteler.

It liket dus in bysûnder moai winterskoft 2019-2020 te wurden. (JB)

DOARPSKAFEE

'De tiid hâldt gjin skoft.' Eltse Fries kent dizze siswize. Is't net fan de ferneamde revu dy't Tetman de Vries yn 1945 skreau, dan is't wol fan it wandtegeltsje mei de bekende blauwe letters. It betsjut itselde as de siswize 'De tiid stiet net stil'. En dat docht de tiid yndie net. Hoe faak heart men net sizzen, dat de tiid fljocht en dat men net wit wêr't de tiid bliuwt. Dochs kin't barre dat jo it gefoel krije dat de tiid stil stean bleaun is.



Sa reitsje ik yn desimber foarich jier fersile yn in doarpskafeee earne op it Fryske plattelân. Ik haw der noch nea earder west, mar de teplakprater (navigaasje) fan 'e auto liedt my der feilleas hinne. It doarp azemt ien en al rêst út. De lju binne oan 't wurk en de bern nei skoalle. Utsein in man, dy't by in kream mei kryststikjes (it is desimber) stiet te klomjen en my freonlik groetet, is der gjin mins op strjitte. Yn't kafee is op it earste each ek gjin libben te bekenen.



As ik de doar iepen doch, komt de waarmte my yn 'e mjitte en hjit it kastleinske mei tige fleurich wolkom. Mei opsetsin sis ik 'kastleinske' en net horekamanager of sokssawat, want ik krij op slach it gefoel dat de tiid hjir stil stean bleaun is. Wat in pracht. Ien en al nostalgia. In feest fan werkennen. Yn 'e taapkeamer oerhearsket de kleur donkerbrún. Readfloerske gerdynen

hingje oan wjerskanten de ruten. Yn't midden stiet it biljert. Oan it griene lekken is goed te sjen, dat it omraak brûkt wurdt. Dêromta, by de wanden lâns, in stikmannich donkerbrune taffeltsjes mei de bekende rûne houten stuoeltsjes mei leuningens yn deselde kleur.

(ferfolch op side 12)

Simmerfamke fan Sanfurd

*Simmerfamke fan Sânfurd, no't it hjerst wurdt, tink ik oan dy.
 Simmerfamke fan Sânfurd, no't it rûzich wurdt, nûnderje ik foar dy:
 Mankeletsjes, waarme wizen, komme út 'e dûze fan 'e tiid. Simmerfamke fan
 Sânfurd, no't it hjerst wurdt, tink ik oan dy.*

*Simmerfamke fan Sânfurd, no't it winter wurdt, dream ik fan dy.
 Simmerfamke fan Sânfurd, no't it wetter strjemme wurdt, sjong ik foar dy:
 Operettes, Schubertlieten, krekt as doe't we bûten sieten, nachtenlang.
 Simmerfamke fan Sânfurd, no't it winter wurdt, dream ik fan dy.*

*Simmerfamke fan Sânfurd, no't it maitiid wurdt, langje ik nei dy;
 Simmerfamke fan Sânfurd, no't de sinne waarmer wurdt, spylje ik foar dy:
 Walskes, tango's en musettes, sweevje oer de wetters nei dy,
 Simmerfamke fan Sânfurd, no't it maitiid wurdt, spylje ik foar dy.*

*Famke fan Sânfurd, no't it simmer is, wol ik nei dy.
 Famke fan Sânfurd, no't it Hop wer wekker is, komt de kpart opnij.
 Aanst dan sjonge wy tegearre, under moanneljocht en stjerren, Weagesankjes,
 leafdessankjes
 Famke fan Sânfurd, no't it simmer is, kom ik by dy.*



*Sanfurd mei boppe de
 Aldegeaster Brekken en ûnder
 it Ringwiel mei it Hop.*

Bennie Huisman

EPKE, DE WEI FAN IN OLYMPYSK KAMPIOEN

Der sil gjin Nederlanner en yn elts gefal gjin Fries wêze dy't noch nea fan him heard hat? En wa hat noch nea mei it swit yn 'e hannen foar de televyzje sitten as hy by Europeeske -, Wrâld – en Olympyske Kampioenskippen syn net nei te kommen flechteleminten oan 'e rekstôk útfierde? Dan ha'k it fansels oer Epke Zonderland, de liuw fan De Lemmer, the Flying Dutchman. Syn earste grutte sukses oan 'e rekstôk wie de sulveren medalje by it Europeeske Kampioenskip Junioren fan 2004 yn Ljubljana.

Yn 2008 die er mei oan de Olympyske Spullen yn Peking. Dêrmei wie er de earste Nederlânske manljústurner sûnt de Olympyske Spullen fan 1928 yn Amsterdam. Spitich genôch foel er yn Peking en waard dêrtroch 7^e. Yn 2011 waard er yn Berlyn oan 'e rekstôk Eurpeesk Kampioen. In jier letter, op 7 augustus 2012, waard Epke Zonderland Olympysk Kampioen op dit



ûnderdiel mei in skoare fan 16,533. Dat hege tal punten hie er mei te tankjen oan de Cassina-Kovacs-Kolman kombinaasje. (*Ik haw der gjin ferstân fan, mar it stiet op Wikipedia.*) Hy is de earste persoan dy't ea in trijefâldich flechtelemint yn in wedstriid útfierd hat. Troch dizze bûtenwenstige prestaasje – Olympysk Kampioen – waard Epke beneamd ta Ridder yn 'e Oarder fan Oranje Nassau en ta eareboarger fan It Hearrenfean. Yn 'e jierren 2009, 2011, 2012 en 2013 waard Epke sportman fan it jier. By it Europeesk Kampioenskip fan 2018 yn Glasgow neamde de kommentator fan de BBC-televyzje him 'The Flying Doctor.' Want dat is er ek. Hy studearre genêskunde

oan 'e Ryks Universiteit fan Grins en is der yn slagge dy stûdzje en syn sportkarriêre te kombinearjen. Yn 2016 is Epke troud en it pear hat in soan.

Dat is yn grutte halen, wat de measte minsken fan Epke Zonderland witte. Mar hoe is dy freonlike en tagonklike man ea sa fier kommen yn syn sport. Wat moast er dêr foar dwaan en wat moast er dêr foar litte. Waard er dêr fan hûs út ta oanfitere? En folle mear fan soksoarte fragen, sille in soad minsken hawwe. Dêr krije se dan antwurd op, as se woansdei 1 maaie nei de ledegearkomste fan it Frysk Selskip Swol yn Parkzicht te Zwolle komme. Want nei ôfrin fan de fergadering en in optreden fan it Frysk Sjongkoar Swol, fertelt Epke syn heit,

Huite Zonderland, oer 'de wei fan in Olympysk Kampioen'.

(JB) -7-